

't Skieppesturtsje

Doarpskrante fan Tsjerkwert e.o.



36e jiergong - nûmer 1, febrewaris 2013



Stekt foar jo de hannen út de mouwen



Meer weten? T 06 53 88 61 49

E info@durkbreeuwsma.nl • I www.durkbreeuwsma.nl

Westerskatting 4, 8614 AP Oudega (W)



balen persen en wikkelen • hekkelen • sleepslangbemesten • kraanverhuur
transport met oprijauto • zand-, grond- en grindhandel • grondverzet

GIETEMA

EXMORRA - TJERKWERD

FOURAGE - AGR. WINKEL - TRANSPORT

Tel. 0515 - 576633 - 579156 Fax 0515 - 576644


www.gietemafourage.nl

Er is niets leuker dan een speelse, alerte en actieve hond. Een hond die er bovendien gezond uitziet en een glanzende vacht heeft. Dit soort zaken laat zien dat uw hond in allerlei opzichten goed gezond is. De juiste voeding maakt het gemakkelijker om dit te bereiken.

Daarom adviseren wij DOGGAR HONDENVOER van GARVO



DOGGAR KROKANT	10 kg € 13,75
DOGGAR HE	10 kg € 20,30
DOGGAR PUPPY	10 kg € 21,00
DOGGAR VLEESBROK MET RIJST	10 kg € 18,25



Redaksje-adres:

**Mireille Galema
Dyksicht 2
8765 LX Tsjerkwert
☎ 0515-579338**

**e-mail :
itskieppesturtsje@gmail.com**

Redaksje :

**Gerben Wijnja
Sylroede 4
0515-579348**

**Anneke Feenstra
Bolswarderweg 1a
0515-577117**

**Riemkje Lemstra
Sylroede 5
0515-579706**

**Fokko Rollema
Singel 8a
0515-579051**

**Stinsilwurk :
Praktijkschool de Diken, Sneek**

**Foto omslach :
J. Falkena**

***'t Skieppesturtsje is de doarpskrante fan
Tsjerkwert en omkriten. Dizze krante
wurdt hûs oan hûs besoege troch de
redaksje.
De krante kin bestean troch frijwillige
bijdragen fan de lêzers.***

Inhoudsopgave

Inhoudsopgave	4
Van de redactie	5
Vrijwillige bijdragen	5
Actie voedselbank.....	5
Skieppesturt 2012.....	6
Nieuws van stichting It Waltahûs	9
Playbackshow 2013	10
Jaarvergadering EHBO Tjerkwerd.....	11
Stichting Windkracht 10.....	12
Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.	13
Omtinken by de hurdriderij op de baan fan Tsjerkwert.....	14
Fan de iisclub Tsjerkwert	16
Hurdriderij foar bern yn Tsjerkwert.	16
Hurdriderij foar eltsenien fanôf de basisskoalle	20
In oantinken oan de Alvestêdetocht fan 1940.....	21
Reis naar de stal.....	24
Gymnastiekvereniging Parrega	24
Vol Waltahûs bij presentatie videoclip Jan Nota	25
De Toansetters naar Femuza festival	26
Slagge muzykútfiering Eensgezindheid	27
Voor u gelezen.....	28
Koken met Riemkje.....	29
Geboren	30
Verhuisbericht	30
Even voorstellen	31
SNYPSNAREN	32

Van de redactie

Beste lezer,
U kunt weer genieten van de eerste uitgave van 't Skieppesturtsje 2013.
Er is weer genoeg aangeleverd dus reden genoeg om er even goed voor te gaan zitten. Als redactie stellen wij dit altijd zeer op prijs. Ook merken wij dat 't Skieppesturtsje graag gelezen word buiten ons dorp door oud bewoners.



Wij wensen iedereen dan ook deze keer weer veel leesplezier.

De redactie.

Vrijwillige bijdragen

T. Twijnstra e.o Hellendoorn, Mw A. de Haan Bolsward, Fam. B.R. Bakker, W. Poelstra e.o Dedgum, Reitsma en Reitsma 's Gravenhage, R. van der Wal Dedgum, S. Breeuwsma e.o, O.S Postma e.o., Fam. Y.H. de Boer Heeg, R. Steur e.o., A. Feenstra e.o Dedgum, Fam. A. Draaisma e.o, Mw A. Gietema-v Wieren Bolsward, T.G. van der Meer e.o Witmarsum, Mw J.J. de Jong Drachten, Fam. Y.W. Schakel, C. van der Loo Brussel België.

Namens de redactie, heel hartelijk bedankt voor uw bijdrage!

*Bijdragen kunnen overgemaakt worden met vermelding
"Bijdrage it Skieppesturtsje" en het jaar waar het betrekking op heeft.
Bankrelatie ABN/AMRO bank Bolsward, rekening; 84.76.68.398*

Actie voedselbank

Op 11 novemer hebben we een inzamelactie voor de voedselbank gehouden. Dit was mede door de grote inbreng van de dorpsbewoners een groot succes en voor herhaling vatbaar.
Wij willen namens de voedselbank hierbij dan ook iedereen bedanken voor zijn of haar bijdrage.

Namens de diaconie Tjerkwerd/Dedgum,
Evert, Joke en Fokko.

Skieppesturt 2012

Wy binne yn it nije jier 2013, mar oan de ein fan it âlde jier komt de Skieppesturt redaksje altyd by elkoar om te sykjen nei in Skieppesturt. Dan wurdt it hiele jier trochnommen; wat is der allegear bard? Wa hat der wat bysûnders dien? Hokker frijwilligers ha der allegear yn tou west? En at jo der oer begjinne te praten dan binne jo der al gau efter dat der wer hiel moaie dingen bard binne yn dit lytse plakje. Jim kinne it allegear weromfine yn de Skieppesturten en mar wy dogge efkes in weromsjoch:

Sa begûn it al mei it iis; de iisklub koe al gau oan de slach, earst op de iisbaan, letter op de feart.

In moanne letter wie it korps drok yn it spier, sy fierden harren 90-jierrich jubileum mei Rients Gratema.

Yn it Waltahûs waard dêrom in feestje fierd, sa as dat wol faker bart op dit plak. Sa binne dêr de playbackshow, de frijwilligersjûn, Tsjerkwert's got talent en ek koene wy hjir it EK-voetbal live sjen.

Tuskentroch komme eltse wike de kaarters en biljerters hjir by elkoar en ek de 60+ soos fynt hjir har plak. Allegear bestjoeren dy't der wer wat moais fan meitsje.

Dan moatte der fansels ek noch bartsjinsten draaid wurde mar ek it skjinmeitsjen komt der noch efteroan.

Samar wat aktiviteiten dêr't allegear frijwilligers by yn tou binne.

Sa waard der tuskentroch ek noch it Tsjerkepaad organisearre, in soad minsken hawwe ek der in soad wille oan belibbe. Fan in informaasjejûn oer de flearmûzen oant in brulloft ta.

Dan hawwe wy it noch net iens hân oer de fiering fan Keninginnedei en it doarpsfeest. Fansels hat de Oranjeferiening it dêr hartstikke drok mei mar at it hiele doarp har net ynset, sa as bygelyks by it meitsjen fan de fersierde weinen, dan binne wy noch nergens.

Ek it ynheljen fan Sinteklaas waard troch de Oranjeferiening fersoarge en dizze man koe gelyk ek Ule Haarsma huldigje. Hy waard Nederlânsk kampioen: in prestaasje fan formaat !

Al dizze aktiviteiten kinne jo as Tsjerkwerter werom fine op de MAT, dêr kinne wy net mear sûnder.

En by alles wat der plak fynt mei de EHBO fansels ek net ûntbrekke. Der is gjin plak yn Fryslân dêr't safolle frijwilligers by de EHBO binne.

At der dan in keatswedstriid plak fynt, wêrby fansels ek wer de nedige frijwilligers yn tou binne, fan sop sieren oant it lizzen fan de linen ta, en at der dan in aaklich ûngemak plak fiint en je skilje mei it sikehûs en sy freegje; is dêr wol in EHBO –er by ? dan binne je suver fernuvere dat se sa'n stomme fraach stelle.....Jo prate mei Tsjerkwert hear!

Sels de bern op skoalle hawwe harren ehbo-diploma! En dan wurde der op dy skoalle, dy't gelokkich noch fol sit mei nije frijwilligers, noch mear moaie aktiviteiten organisearre.

Sa belibben wy dêr de útrikking fan de nije doarpsvyzje, ek al wer gearstald troch frijwilligers yn gearwurking mei de minsken fan Doarpsbelang.

Sa koene wy oan de ein fan it jier mei elkoar genietsje fan Op weg naar de stal mei als startpunt de skoalle. Der begûn it allegear en.... der begûn ek de karriêre fan ús nije Skieppesturt.

Want jim hawwe heare kinnen dat der foar de redaksje fan De Skieppesturt genôch frijwilligers binne om in kar te meitsjen. ...

Mar de takenning fan de Skieppesturt is foar dyjinge dyt't him ynset foar aktiviteiten betoand oan doarp en mienskip. Tja, dan is dizze persoan "Ogenschijnlijk Kansloos". Alleast, dat skreau de LC ôfrûne sneon.

Miskien kinne wy de takenning mar better wat oanpasse. De Skieppesturt 2012 is foar immen dy't Tsjerkwert op de kaart setten hat. Dan past it better.

Doe kaam de fraach: Dizze persoan is ek alris huldige yn Tsjerkwert, moasten wy dat dan dit nochris dwaan?

Tja, krije wy dizze kâns nochris? tochten wy doe.

Want sa'n prachtige prestaasje, weroer hy sels sei, en ik fûn dat wol in understatement of the year; "Ik ha dit jier neat te kleien": Dêr kinne wy fansels net om hinne. Mar wy wolde der noch wol graach wat oan taheakje, want in sturt meie je hâlde, dy oare net...

Wy, as redaksje fan De Skieppesturt en de ynwenners fan Tsjerkwert binne tige grutsk op ús PC kening en do bist ús nije Skieppesturt: Thomas van Zuiden!



Sa waard op 5 jannewaris ús nijste Skieppesturt foarsteld oan de ynwenners fan Tsjerkwert op it nijjiersbal. Nei de offisjele útrikking fan de oarkonde en de Skieppesturt, hat de redaksje tegearre mei Thomas noch efkes neipraat op de boppeseal fan it Waltahûs. Ek mem Binnie wie der by, sy woe earst net mar sa at Fokko sa moai sei; "sûnder Binnie wie der gjin Thomas" dat sa skode ek sy efkes gesellich oan.

Wy tochten dat Thomas it miskien wol sêd wie nei al dy huldigingen, mar dat foel ta. Neffens him ferfeelt dat nea, it hat wol wat. Oeral krije jo wer wat oars, sa waard de keatsers yn Gaasterlân-Sleat in ballonfeart oanbean, in hiel

bysûnder kado fansels. Dat hy no ek de Skieppesturt krige hie hy eins net ferwachte mar hy fynt ek dat wer spesjaal.

Ek it winnen fan de PC kaam einliks ûferwachts. Mem Binnie befêstige dit: "Wy tochten as gesin gesellich in dei nei de PC te gean en dan bart der soks!"

De mannen kamen de hiele dei in stap tichterby en mem seach it wol oan it gesicht fan Thomas, dat waard hieltyd grimmitiger. En wat in feest en wat in ûntlading at se dan ek noch winne. Dat Thomas ek noch kening waard wie fansels noch in ekstra stik bûter yn de brei!

Sa at it no liket sil Thomas ek it kommende jier wer keatse mei itselde partoer. Wol wurd it miskien wat dreger om te trainen, foarhinne siet Thomas op it Cios mar op dit stuit studearret hy oan de ALO yn Grins. Se sille noch efkes besjen hoe at se dat hawwe sille. Wol is Thomas fan doel om yn it Grinser lân keats-clinics te jaan. Der falt fêst noch hiel wat te learen foar de net-Fryske studinten.

Thomas wit eins noch net krekt wat hy fan it nije jier ferwachtet, yn elts gefal lekker keatse en miskien sit der dan wer sa'n boppeslach yn. Dizze pakke se him yn elts gefal nea wer ôf!

Anneke Feenstra



Vlnr: Fokko Rollema, Anneke Feenstra, Thomas van Zuiden, Riemkje Lemstra en Mireille Galema

Nieuws van stichting It Waltahûs

Zoals altijd hier weer even een stukje van het bestuur van It Waltahûs.
Allereerst de beste wensen voor 2013 toegewenst namens de stichting!

Een korte terugblik van wat er dit seizoen tot nu toe georganiseerd is:
De aftrap van ons seizoen hadden we al vroeg; op 9 september gaf Foppe Mulder een optreden met een aantal andere muzikanten. Allemaal hadden ze erg mooie luistermuziek, de opkomst viel helaas wat tegen, dit door het mooie nazomer weer en andere activiteiten welke her en der om ons heen ook net op deze avond waren.

Op 22 september was de grote klus zaterdag gepland, met een flink aantal vrijwilligers de handen in en om het Waltahûs uit de mouwen gestoken. We hebben flink wat werk kunnen verzetten en bij deze nogmaals de aanwezige vrijwilligers hartelijk bedankt hiervoor.

In de herfstvakantie hadden we weer de filmmiddag voor de kinderen en 's avonds een film voor ouderen, de gekozen film viel goed in de smaak getuige de reacties.

Op 27 oktober gaf de Jeugddienst een reünie in het Waltahûs, nadien was er voor iedereen de mogelijkheid voor een drankje en speelde de band nog muziek, het was een leuke avond.

17 november hadden we een volle bak. Voor de 2^e keer hadden we Tjerkwerd's got talent georganiseerd, de opgaves kwamen wat moeilijk opgang maar uiteindelijk hebben 14 act op het podium gestaan met veel zang maar ook dans, zelfs piano en improvisatie. Een erg gezellige avond tot in de late uurtjes.

Een week later op 23 en 24 november was er weer werk aan de winkel; de 23^{ste} de Dorpsbelang vergadering met een flinke opkomst en de 24^{ste} 's ochtends Sinterklaasintocht en avonds had de Kaatsbond hier de huldiging van de PC winnaars met onze eigen koning Thomas van Zuiden, nadien was er nog feest met live muziek tot ook weer in de late uurtjes.

De kerststukjes zijn dit jaar op 14 december gemaakt. Onder leiding van Hieke zijn weer de mooiste creaties gemaakt.

Andere jaarlijks terugkerende zaken zoals 60+ soos en kerst klaverjas hadden we ook weer rondom de Kerstdagen.

Op donderdag 20 december was wandeling voor de reis naar de stal gestart bij school en via en langs verschillende vertellingen en optredens eindigde de reis in het Waltahûs onder het genot van chocomelk, koffie of thee en een kerstkransje..

Op 31 december konden de caribidschieters en toeschouwers 's middags terecht in het Waltahûs voor oliebollen van Foppe. Vanaf 1 uur was ie weer open voor de Gelukkig Nieuwjaarswensers.

Zaterdag 5 januari was het een erg gezellige en geslaagde Nieuwjaarsbal met leuke muziek van Ko&zo. Naast de Skieppesturt uitreiking was er ook de bestuurswisseling: Yde heeft ons verlaten en Anneke Feenstra is bereid gevonden om zitting in ons bestuur te nemen.

Yde, heel erg bedankt voor wat je in die ruim 8 jaar (!) allemaal voor het Waltahûs gedaan en betekent hebt! De laatste paar jaar had je de lastige taak om de vrijwilligers te regelen en we verbazen ons er altijd over hoe makkelijk je dit doet, fantastisch!

Anneke, heel hartelijk welkom.

Playbackshow 2013

Op zaterdag 2 februari was er weer de playback show. De aanmeldingen kwamen dit jaar niet zo snel op gang en even leek het er op we maar 10 deelnemers zouden hebben. Uiteindelijk nog een drietal last minute aanmeldingen en wijzigingen ivm ziekte zodat we op 13 uitkwamen. Bij de kinderen waren 5 aanmeldingen; Anne Galama en Marit Draaisma werden 3de met het nummer Bagagedrager van Gers Pardoel. De 2de prijs was voor Birte en Lysbet (Amarins was helaas ziek) en ze deden Lisa, Amy en Shelley met Boemerdeboem. De 1ste prijs was voor Stefan en Lineke en ze deden Jan en Gerard heel goed na met het nummer Echte Vrienden (*zie foto*).



Bij de jeugd waren 3 aanmeldingen dus was het sowieso prijs. De 3de prijs was voor Femke en Naomi met het nummer Knocked Out van Trijntje en Leona, op de 2de plek eindigden de Cheetah Girls Kirsten, Sygnie, Marly en Sjoukje en de 1e prijs was voor Janita en ze deed de vertolking inclusief danspassen van Rachel Treats met Knock Out. Ze had de jury helemaal knock

out en kreeg van hen de wisselbeker toebedeeld. Janita zou eerst een ander nummer samen met Amarins doen maar zoals al gezegd was zij ziek geworden.

Bij de categorie Overig zijn de Alpenzusjes Jildou, Marit, Rianne, Sigrid, Ivana, Yske en Mirjam met het nummer Kontebonke als 3de geëindigd. Dan was de 2de prijs voor de mooiste damesclub van de avond, bij betere bestudering bleek dat deze dames wel wat veel oksel en beenhaar hadden (?) maar de Macarena van Los Del Rios inclusief dansje hadden ze goed onder de knie. Ook het publiek kon dit waarderen en ze zijn er uiteindelijk met de Publieksprijs vandoor gegaan na een extra optreden (*zie foto*).

De eerste prijs had een koninklijke tint nml de speech van Hare

Majesteit Beatrix welke in een rap is gezet door Nielson werden uitstekend uitgevoerd door Stefan en Marije.

Na de prijsuitreiking werd de jury bedankt en bleef iedereen nog gezellig aan de bar napraten.

Kortom het was weer een geslaagde avond!!



Jaarvergadering EHBO Tjerkwerd

Vrijdag 1 maart

19.30 in het Waltahûs

Met een spreker:

Mevr. Gerritsen over brandwonden





Tijdens de jaarvergadering van Dorpsbelang in nov. 2012 hebben wij een kort overzicht gegeven van de financiële zaken omtrent de Stichting t/m december 2011. Hierbij willen wij de niet aanwezige dorpsbewoners ook nog informeren omtrent de stand van zaken.

De stichting bezit 750 aandelen met een waarde van € 2.618,- in Wynpark Beabourren en daarmee 7,21% van het totale aandelenkapitaal. Gedurende de jaren 1998 t/m 2005 hebben wij in totaal € 10.000,- geleend van het Wynpark. Dit bedrag is gebruikt voor uitkeringen in die jaren. Sinds 2006 is het Wynpark gestart met het uitbetalen van dividend op de aandelen. Uit deze dividend-uitkeringen hebben wij van 2006 t/m 2011 voor een bedrag van € 80.000,- aan uitkeringen gedaan.

Zoals u reeds eerder is medegedeeld, wil de Stichting naast de reguliere jaarlijkse uitkeringen, ook graag een kapitaaltje vormen, waaruit t.z.t., indien er misschien geen opbrengsten meer komen uit het Wynpark, nog geld beschikbaar blijft voor het dorp.

Gedurende het jaar 2012 is er een iets lagere produktie (27.500.000 kWh) geweest dan in het jaar 2011 (28.800.000 kWh). Gemiddeld huishoudelijk gebruik is 3.500 kWh/jaar, derhalve is er voor ongeveer 8.000 huishoudens geproduceerd.

De onderstaande aanvragen zijn door ons in december 2012 gehonoreerd:

Eensgezindheid – aanschaf instrumenten	€ 4.500,-
EHBO – bijdrage oefenmateriaal	50,-
Fitness – aanschaf compressor + volleybalnet	200,-
Kaatsver/sportveld – kleedruimte	10.000,-
Kerk – reparatie uurwerk	750,-
Kerkeraad – boeken jeugd kerstmis	250,-
Oranjeveer – prikverlichting + mobiel geluidsapparatuur	1.250,-
Reis naar de Stal – bijdrage	275,-
Soos 60+ - aanschaf diverse spellen	300,-
Waltahûs – aanschaf zonnepanelen – bijdr 50% en max.	3.800,-
Ysclub – aanschaf sneeuwschuiver – bijdr. 50% en max.	1.200,-
Zonnepanelen – 3 keer	750,-

Totaal	€ 23.325,-
--------	------------

Onze actie voor de aanschaf van zonnepanelen is nog steeds van kracht. Een aan-vraag met een kopie-faktuur van de aanschaf van deze panelen kunt u het gehele jaar indienen bij Jos Falkena, Sylroede 13, Tjerkwerd of eventueel via ons mail-adres : windkracht10tjerkwerd@gmail.com.

Wij doen u hierbij de beste wensen voor 2013 toekomen.

Het bestuur.

Dorpsbelang Tjerkwerd e.o.

Hierbij een korte update van de laatste stand van zaken:
Op de jaarvergadering van 23 november jl. zijn n.a.v. de Dorpsvisie vijf werkgroepen samengesteld voor de meest urgente zaken:

1. De website (Robert Tiesma)
2. Jongeren (Elma Draaisma)
3. Cultuur en kerk (Astrid de Boer)
4. Duurzaamheid (Richard Teppema)
5. Veiligheid (Bouwe Speerstra)

De tussenhaakjes genoemde personen zijn de vertegenwoordigers van Dorpsbelang die de aftrap zullen begeleiden.

Mochten er nog mensen zijn die graag in een werkgroep willen plaatsnemen, dan kunnen zij zich melden bij de desbetreffende persoon van Dorpsbelang. Punt vijf is op de ledenvergadering toegevoegd, omdat er veel kritiek is op het afslagverbod Baburen en Jousterp. Hierdoor ontstaan onveilige situaties op de parallelweg.

De voorbereidende werkzaamheden voor de nieuwe kleedruimte zijn begonnen.

Vorbereidingen Himmeldeï (maart) zijn in volle gang.

Er wordt een afspraak gemaakt met de gemeente over de (eventuele) verplaatsing van de palen in het haventje.

Dorpsbelang.

Omtinken by de hurdriderij op de baan fan Tsjerkwert



It is yn jannewaris echt winterwaar wurden en de iisbanen binne foar in grut part fan Fryslân iepen. It bûtenwetter is noch net fertroud: in skomasine is der yn Menaam al trochsakke om de baan der troch te krijen en in hiel leger helperlieners moast yn aksje komme om dryste reedriders fan de ferdrinkingsdea te rêden. Snie is hjir yn it noarden gjin spulbrekker saas yn de measte parten fan it lân. Dêr waard it ferkear dizze wike konfrontearde mei de langste file yn de skiednis: mear as tûsen kilometer op de autosneldiken en at alles meiteld waard kaam de teller sels dik boppe de 4000! Mar gau werom nei it iis fan ús fertroude iisthûsbasis oan de Sylroede.

De iisbaan fan Tsjerkwert lei der tiptop by. It iisklubbestjoer hie alle war dien om der al gau in riderij op út te skriuwen. Woansdei en tongersdei 16 en 17 jannewaris tilde it oerdei op fan de bern dy't harren keunsten op it iis fertoanden en freedtejûn 18 jannewaris wie dan de riderij foar de grutten. En dat op in histoaryske dei. It wie op 'e kop ôf in heale ieu lyn dat de legendaryske Alvestêdentocht ferriden waard. It wie 1963 en dik winterwaar: in bult snie op it lân en hurde wyn dy't de snie opwaaide sadat der dikke sniedunen op it reedridersstrajekt ûntstiene. Boppedat soarge de ynwite snie yn dit poallânskip der foar dat in protte riders snieblyn waarden wêrûnder Hylke Speerstra fan Iemswâlde.

It waard in tocht fol heroyk dy't oant hjoed de dei ta ta de ferbylding sprekt. Op 'e baan wie dat ûnder de hurdriderij ek út en troch ûnderwerp fan petear tusken Tsjerkwerters dy't oan dy tocht noch persoanlike oantinkens ha, net as rider, mar as taskôger. Sa stie Jos Falkena op dy bewuste 18-de jannewaris op 'e Dokkumer Syl te klommerjen yn in dekkor dat hiel oars wie as dat fan de lêste tochten. De glûpende kjeld hold him dêr net sa lang as taskôger sadat er thús by de radio tsjûge wie fan it histoaryske ferrin op it iis fan de Grutte

Wiellen der't de keninginne mei in helikopter oankaam en dêr't it massaal tastreamde publyk hast manmachtich troch it iis sakke.

Hoefolle Tsjerkwerterers soene dat op tillefyzje sjoen ha? Ien ding hiene se foar: doe't de riders oer de trekfeart rjochting Boalsert wrotten kamen dizze trochsetters suver by de Skieppesturten troch de finsterbank en waard de waarmte fan de koalenskachel mar eefkes ferruile foar in skoftke oanmoedgjen by de feart. Mar wat wie it glûpende kâld en dat soe noch slimmer wurde. De snie begûn de reedriders ek mei it oere mear parten te spyljen mar dat der sa'n dreech ferfolch oan stie te kommen hie nimmen tocht.



Freedtejûn, 50 jier nei dy tocht, fochten op ús iis de sportivelingen op redens om de heechste ear wêrfan de útslach fierderop te lêzen is. Hoewol it sa'n 5 graden ûnder nul wie, fielde it as 15 graden froast om't der in grimmitige kâlde eastenwyn oer it lân jage dy't it ferbliuw op it iis der net noflikker op makke. Wat dat oanbelanget wie it yn de ljite fan of yn de keet fan it iisklubbestjoer noch it bêste plak. Gjûn wûnder dat de taskôgers en riders dêr dus gauris te finen wiene. Mar de striid op it Tsjerkwerter iis wie der net minder op. Bewûndering is op syn plak foar de iisklubbestjoerders dy't as betûfte wedstriidlieders de kjeld trotsearden om de ultieme kriich tusken de riders mooglik te meitsjen.

Gerben D. Wijnja

Fan de iisclub Tsjerkwert

Hurdriderij foar bern yn Tsjerkwert.

Troch iisklup Tsjerkwert waard tongersdei 17 Jannewaris in hurdriderij foar de basisskoalle bern organisearre. Woansdeitemiddei koenen de bern al op de iisbaan om harren earste streken te setten. Tongersdeitemiddei hienen de bern frij fan skoalle, wat hiel moai útkaam. It waar wie krekt as woansdei wer skitterend. Der wiene 38 dielnimmers en d'r waard riden yn fjouwer kategoriën.

Yn de jongste kategory, de 4-5 jierrigen dien 6 bern mei. Hjir wie **Rosemarijn Zaal de snelste. Jesse Bakker waard twadde en Elise Bakker tredde.**

Bij de 6 en 7 jierrigen diene ek 6 bern mei. **Lieke Draaisma waard 1e, Amerins Wilts 2e en Bouwe Inne Feenstra 3e.**

Yn de kategory fan de 8-9 jierrigen wiene 8 bern. Hjir waard ek wer fel striiden foar de gouden plak. Dizze waard **wûn troch Eline Miedema, it sulver gie nei Marrit Draaisma en it brûns nei Marly Steegstra.**

En dan eintlik mochten de âldste bern los. Dêr diene wol 14 bern mei.

Jimte Draaisma foarrich jier 1e bij 8-9 jierrigen waard hjir hiel knap ek wer kampioen. **Mandy Koenz in hiele goeie 2e en Kirsten Bijlsma waard 3e.**





Hurdriderij foar bern





22 december 2012



ontwerp ■ onderhoud ■ vlonders ■ walbeschoeiing

Sylroede 2
8765 LV Tjerkwerd

Tel: 06 5200 7210
www.bakkertuinanleg.nl



HAIRSTYLE HAARSMA

Anita Haarsma

Marne 55 | 8701 PV Bolsward

06-30417958

hairstylehaarsma@live.nl

Industrieterrein De Marne
Bij Compaan

REDKEN REDKEN REDKEN REDKEN REDKEN REDKEN

Hurdriderij foar eltsenien fanôf de basisskoalle

iisklup Tsjerkwert hold op freedtejûn 18 jannewaris 2013 in hurdriderij foar grutten. Yn de lêste jierfergadering wienen d'r stimmen opgien foar in **oanpassing fan de kategoryen** weryn't de hurdriderij ferrieden wurd. It bestjoer hat alle opmerkingen fan de oanwêzige leden meinommen en oan de hân derfan 3 kategoryen fêststeld. De jongste groep, bern fanôf de basisskoalle o/m 15 jier, feroaret net. By de froulju en de manlju binne alle leeftidsgroepen by elkoar setten. Dus in kategory froulju fanôf 16 jier en in kategory manlju fanôf 16 jier.

En no krigen we daliks al de kans om de nije yndieling ris út te probearjen. Mar earst wienen de jongsten oan bar; 7 jonges en 1 famke. Ilse Galema doast it op te nimmen tsjin al die sterk ridende jongemannen. Mar it die bliken dat Ilse har 'mantsje' wol stie. Spitichernôch waard se d'r wol ôfriden mar dat wie gjin skande tsjin de úteinlikke twadde priiswinner. Sa as sein waard d'r best riden en wie it somtiden spannend. Mar úteinlik waard **Arnold Huitema 3e, Klaas-Jan Haytema 2e en Robin Bijlsma 1e.**

By de froulju wie spitichernôch de dielname, ek mei de nije yndieling, net great. Fjouwer froulju kamen oan de start en dan is it altyd sneu dat ien bûten de prizen falt. Wanda Bakker riid poerbest mar wie dochs net snel genôch tsjin de oare froulju. De prizen by de froulju gienen nei **Lieske Nota 3e, Hotske Burghgraef 2e en Thea Zijsling 1e.** Om ferskate redenen moasten in oantal goeie riders dizze kear misse mar we hoopje fansels dat sy de folgjende kear d'r wer by binne!

18 manlju kamen oan de start; in moai oantal en genôch om mei in winners- en ferliezersronde te riden. It wie betyden tige spannend en soms dreech te sjen wa no wûn hie. Nei de earste ronde waard earst riden om de prizen yn de ferliezersronde. **It earste**

plak wie foar Jan Postma, twadde waard Durk Walsma en Harmen Postma tredde.

Yn de winnersronde gie it d'r ek tige om wei; wat waard d'r hurd riden. De útstach waard **1e Jelle Zijsling, 2e Dominicus Kuipers en 3e Bertus Rinze Bakker.**

De prizen waarden nei ôfrin útrikt yn it Waltahûs en der wie it noch lang gesellich!





In oantinken oan de Alvestêdetocht fan 1940

It is dit jier 50 jier lyn dat de ferneamde Alvestêdetocht van 1963 ferriden waard. In helletocht troch in Sybearysk Fryslân, in útputtingslach dy't allinne de aldersterksten mei it ferbegearde krúske wisten te bekroanen. Dochs wie der in tocht dy't ek de boeken yngien is as tige swier. De oarloch stie foar de doar, de krisis fan de jierren tritich hie syn spoaren neilitten en yn jannewaris fan 1940 stie in tocht útskreaun op tiisdei de tritichste.

It wie dik winter doe't om 6 seis oer de moarns hast 3400 riders de friesnacht ynstoden by in temperatoer fan 8 graden ûnder nul. Der lei in pak snie en der stie in hurde eastenwyn dy't yn 'e rin fan de dei oanhelle ta stoarmeflich. En kâld soe it ek bliuwe mei in gefoelstemperatoer fan dik tsien graden ûnder it friespunt. Dat it

dreech wie docht wol bliken út it tal toerriders dy't foar middernacht Ljouwert hellen: 27 fan de 2716 dielnimmers. Mei de wedstriidriders wie it wat better steld: 124 fan de 688. Kloften riders hienen it yn Starum net mear en makken tankber gebrûk fan it spoar nei Ljouwert. In tal trochsetters besocht fierder te riden. En dan komt Tsjerkwert ynienen yn byld. Wy ha amper histoarsyke ferslaggen fan DE TOCHT dêr't foar ús doarp in rol yn fuortlein is. Mar yn De Hardrijder, it moanneblêd fan de NVBHS (Nederlandse Vereniging tot Bevordering van het Hardrijden op de Schaats) stie in ferslach oer de tocht van 1940 fan



Ernst van der Zee dy't ien fan de foarmannen wie fan dy feriening. De passazje Tsjerkwert helje wy der graach eefkes út. Syn freon

Jan Seegers wie er yn de drokte fan de start út it each ferlern en doe't it nei Sleat ljocht begûn te wurden en letter Starum berikt wie, krige Ernst it op 'e heupen. Hy liet syn reisgenoat Gosse witte: "Ik ga Jan achterna, die is mij veel te ver voor, dat laat ik er niet bij." En hy stode foarút as in wyldenien. Dan wurdt syn ferslach ynienen foar ús Tsjerkwerders nijsgjirrich. Ik lit Ernst fierder oan it wurd.

Inzinking in Tjerkwerd

"Daar maakte ik een grote fout. Ik ben gaan rijden als een gek, zo hard ik kon, toen ben ik ook weer heel veel mensen gepasseerd. Ik wilde een stukje appel uit mijn zak nemen, want ik had dorst, maar geen kans, het appeltje was een harde ijsklont. Tijd om iets te gebruiken gunde ik mij niet, want ik zette er alles op om Jan te pakken te krijgen. Gosse was verstandiger geweest en had mij laten schieten. Zo ben ik alleen doorgejakkerd over bar slecht ijs met flinke tegenwind tot aan Tjerkwerd vlak voor Bolsward. Toen kwam opeens de inzinking.



Ik had geen been meer om op te staan en besloot dan ook geen streek verder te maken. Zware wind vóór en slecht ijs, ik dacht: "Neen, mijn aardigheid is er af, ik ga hier iets gebruiken en wat rusten en dan maar naar Bolsward om mijn kaart te laten af te tekenen en dan met de bus of trein naar Leeuwarden."

Ik stelde mijzelf tevreden met de gedachte dat ik dan toch de helft gereden had. Ik vroeg aan iemand of het ijs hier overal zo slecht was en kreeg tot antwoord dat het verderop nog veel slechter werd. Ik vroeg naar een café. Dat was niet zo dichtbij, maar in een huisje wat verderop schonk de vrouw ook wel koffie. Ik er heen. Klop aan. Er wordt

geroepen binnen. Ik doe de deur open en daar sta ik midden in de huiskamer.

Ik zeg: "Juffrouw, kan ik hier een kop koffie krijgen?"

Zij zegt: "Jawel mijnheer, maar ga maar naar boven naar de zaal,

daar brandt de kachel.”

Ik de trap op, zeer nieuwsgierig waar ik terecht zou komen. Ik deed de deur open en stond in de zaal van een naai- en breischooltje van het dorp. Er stond een grote kachel, die wel brandde maar meer ook niet. Lange tafels, houten banken en een paar stoelen. Ik kon het er niet erg gezellig vinden, maar dacht al aan mijn koffie. Ik had mijn jasje uitgetrokken en voor de kachel gehangen, want dat was kletsnat van het transpireren.

Mijn appel kon hier weer mooi ontdooien. Ik had al vijftien minuten gewacht, maar nog steeds geen koffie. Ik dacht, laat ik maar vast een boterham eten en toen ik mijn brood zowat op had, kwam eindelijk mijn kop koffie. Al was het niet als thuis, het smaakte best en ik bestelde nog een kop in de veronderstelling dat de volgende kop wel vlugger zou komen, maar dat duurde ook nog bijna een half uur.

Intussen had ik door het raam op korte afstand de rijders zien passeren. Daar zag ik twee heren met een dame aan de stok passeren en dacht, dat zijn de eerste toerrijders. Achteraf bleek dat ook juist te zijn. Mijn jasje en ook de andere kleren waren intussen aardig gedroogd en na ruim twee uur gerust te hebben, vertrok ik

naar Bolsward, vastbesloten om daar mijn kaart te laten aftekenen en dan op te houden. ”

Oant safier it ferslach dat ús oanlieding joech om mear ynformaasje yn te winnen. Dat dogge wy hjirby. Wa wit hokker café bedoeld wurdt: Tsjerkwert hie der twa: De Harmonie en De Vlijt of De Houten Ferdommenis. Sels tinke wy dat it dy lêste wie. En wa hat noch mear oantinkens oan dy âlde Alvestêdetochten? Graach tekenje wy dy op foar in kommend winternûmer. O ja, jo wolle fansels witte hoe't it ús kafébesiker ferrûn is. Yn Froubuorren by de noch besteande nôtmûne moast er fan it iis ôf om't it te gefaarlik wurden wie om fierder te riden. Alle riders dy't dit markante punt of fierder helle hienen



krigen it neffens Ernst van der Zee net fertsjinne krúske. De tocht wie ommers net folbrocht! Mar Ernst hat ús troch syn ympulsyf gedrach yn Starum wol in unike ympresje neilitten fan it ynterieur fan ien fan ús kafé's fan eartiids. Reaksjes binne fan herte wolkom. Gerben D. Wijnja

Reis naar de stal

Op basisschool de Reinbôge, hebben we een heel erg leuke tocht gelopen met kerst. Veel mensen hebben er aan meegedaan. Het was een superleuke tocht door het dorp, en ondertussen werd er steeds een stukje van het kerstverhaal vertelt. Maar dat niet alleen, er werden ook bij sommige dingen toneelstukjes gedaan. Zoals de engelen die uit de hemel kwamen om te zingen. Maar het leukste was natuurlijk het eindpunt, de stal. Daar was een echt kindje Jezus, en Jozef en Maria waren er ook. Nadat deze tocht was gelopen kon je in het Waltahûs nog wat lekkers krijgen. Het was een tocht om nooit te vergeten!! ☺



Femke Tiesma



Gymnastiekvereniging Parrega



Na het grote succes van vorig jaar is gymnastiekvereniging Parrega opnieuw ingeloot voor de Jeugdsponsoractie van Poiesz.

U kunt onze vereniging steunen door de muntjes in onze buis in Workum te doen, of de muntjes uit andere vestigingen van Poiesz (bv Bolsward) te verzamelen en ze aan één van de kinderen mee te geven of even bij iemand van het bestuur in de bus te gooien (voor Tjerkwerd is dat bij Joke de Jong, Sylroede 37).

De actie loopt van 11 februari t/m 6 april

Alvast bedankt voor de gespaarde clubmuntjes!

Het bestuur van Gymnastiekvereniging Parrega

Vol Waltahûs bij presentatie videoclip Jan Nota

Meer dan honderd mensen kwamen zondagmiddag 20 januari naar It Waltahûs voor de presentatie van de nieuwe videoklip 'BMY' van Troubadour Jan Nota.

Voorafgaand aan de presentatie speelde de 'troubadour' een tal van eigen liedjes welke goed werden ontvangen door de aanwezigen . Zo klonk er onder meer een lied over Tjerkwerd en ook over de Skarrelwiet van Kûbaard, Reade Jaring die een dagje Amsterdam aandeed en een Johnny Cash vertaling van 'A thing caled love'.

Hierna was het dan echt tijd voor de onthulling van de nieuwe videoclip BMY (Bealch Massa Yndeks) Waarin dorpsgenoot Sjoerd Bouma de hoofdrol vertolkt. Het lied gaat over de voordelen van overgewicht en de regering die ons al het genot wil ontnemen door het al maar duurder te maken.

Aan de zaal was te merken dat de hilarische beelden goed overkwamen en na afloop was er dan ook een groot applaus en de vraag om de beelden nogmaals te bekijken. De clip is op verschillende locaties opgenomen, zo werd er gefilmd in de sauna, sportschool, snackbar, café en bij de benzinepomp.

Het officiële gedeelte werd afgesloten met een 'making off' die door cameraman Jelmer van Delft als toegift werd gemaakt. Na afloop speelde Jan Nota nog een aantal liederen met Foppe Mulder waaronder hun 'Myn Alvestêdetocht' wat op mondharmonica werd begeleid door Joop Nota.

De videoclip is te zien op You Tube: <http://youtu.be/mQ7RIZX0Aps>



De Toansetters naar Femuza festival

Het was voor ons al even geleden dat we deelnamen aan een festival voor jeugdorkesten. Vanuit de vroegere gemeente Wûnseradiel werd dit al enige jaren niet meer georganiseerd waardoor we vaak naar de buurgemeente Wymbritseradiel uitweken. Na de gemeentefusie zijn de federaties van alle gemeenten opgegaan in een nieuwe organisatie Femuza waarvanuit nu talloze activiteiten voor muziek- en zangverenigingen worden georganiseerd. Zo doen 9 februari aanstaande een aantal leerlingen mee aan het solistenconcours en werd er zaterdag 26 januari een festival speciaal voor jeugdorkesten georganiseerd.

We hebben voor deze gelegenheid vier werken ingestudeerd waarbij we begonnen zijn met een koraal uit het rode boekje: 120 hymns for Brass Band. Zo ongeveer alle fanfare's en brassbands spelen in met dit boekje waarbij je een koraal kunt zien als de warming-up voordat je begint met je concert. Hierna gingen we er plat voor met het stuk Punch and Judy van John Emerson Blackstone. Een moeilijk stuk voor de jeugd omdat er vele solistische stukjes in zaten voor zo ongeveer alle muzikanten. Ook ons drieman sterke team slagwerkers kreeg flink wat werk voor de kiezen. De jury zei hierover in het verslag: "Leuk en erg moeilijk stuk, toch goed gespeeld! Goede tempo overgangen en een goede balans"

We gingen verder met het werk Berceuse, een slaapietje waarin Ilse Galema een prachtige solo speelde op haar euphonium (zie foto). Ilse speelt daar nu ongeveer een jaar op en had flink haar best gedaan om het liedje te 'zingen' op het instrument wat goed geslaagd is. Een solo begeleiden is voor orkest en dirigent een hele uitdaging want je moet goed luisteren en de balans in de gaten houden. We besloten vervolgens ons optreden met de Slavonic Rock March, een arrangement van de Slavische Mars van Tsjajkovsky.



In vergelijking met de jeugdorkesten van Schraard, IJlst en Heech die zo rond de 30 leden hebben is de Toansetters een relatief kleine groep. Dit heeft natuurlijk zijn nadelen want je kunt lang zo luid niet spelen als de grotere orkesten, maar het heeft ook zeker zijn voordelen. Bij een groot orkest heb je vaak nog iemand naast je zitten waar je op terug kan vallen, bij de Toansetters is iedere schakel van de ketting belangrijk en moet even sterk zijn. Gelukkig zijn de leden zich daar goed van bewust en staan ze voor hun partij! Zoals jurylid John Blanken later in verslag opmerkte: "Klein maar fijn orkest! Jullie kunnen allemaal al goed musiceren!"

Slagge muzykútfiering Eensgezindheid

It koe de minsken net ûntgean sneontejûn 9 febrewaris mei de jierlikse muzykútfiering fan Eensgezindheid dat it tema film wie.

De hele seal fan “it Waltahûs” wie oanklaaid mei film posters, stjerren filmrollen en lp’s. De reade loper lei út en it publyk waar wolkom hjitten troch in pikolo en der wie fan sels folop popcorn. En it publyk wat in folle seal opsmiet hat genoaten fan de filmmuzyk út alle genres.

Nei it wolkoms wurd fan foarsitster Foekje Bakker gie it los mei Leafde, de filmmelody fan de Fryske film Nynke. Dit waard oan kundige troch de bassen, sy wienen ek ferkleid ien die styl. Sa waard elk stik troch in sectie (ynstruminten groep) oankundige. Fan James Bond oant the Incredibles en de soldaten fan de film Saving Private Ryan oant Robin Hood, Lion King en de útsetter wie Grease de film fan Olivia Newton-John en John Travolta. In oantal film waarden ek noch op de muorre projekteerd. It programma waar fjirder ôfwiksele mei sang fan Jannie Brandsma út Parregea, bekend fan omrop Fryslân. Sy hat inkele nummers allinne songen mei fansels it bekende bliuw no by my, dat joech even in pikefel momint en se hat inkele nûmers mei it korps songen.

Fansels wie der ek in optreden fan ús jeugdkorps de Toansetters. Gewoanlik stiet dizze groep u.l.f. fan Arjen Steur mar om’t hy wat oars hie naam ús dirigente Jeannette Valkema dit ek foar har rekken. It enthousiame spatte der of by dizze jonge muzykanten dus wie it ek net ferwûnderlik dat se krekt mei in twadde priis fan it festival thús kommen wine. Al mei al in slagge jûn mei in noflike neisit.



23 juni 1950

Eindelijk water uit de kraan in Tjerkwerd

Goed nieuws voor de bewoners van Tjerkwerd. Het dorp wordt aangesloten op het waterleidingnet, wat een grote verbetering betekent voor de dorpingen. De werkzaamheden zijn deze week begonnen.

Het dorp zou al eerder worden aangesloten, maar met het uitbreken van de Tweede Wereldoorlog werden die plannen uitgesteld. Na de bevrijding gooide materiaalschaarste vervolgens roet in het eten.

Intussen, elders in het land...

...heeft het Nederlandse Rode Kruis besloten geld beschikbaar te stellen voor noodhulp aan Willemstad op Curaçao. De stad is twee dagen eerder getroffen door een windhoos. Het Rode Kruis stelt vijfduizend gulden beschikbaar om de bewoners daar te helpen.

.....
● Het Friesch Dagblad duikt elke zaterdag in de eigen archieven

F.D: 23 juni 2012

LC: Freed 11-10-2012

50 jaar geleden

'Vreemde' soldaat Tjerkwerd

Tjerkwerd heeft woensdag een het dorp geheel onbekende soldaat, die uit Nieuw-Guinea terugkeerde, gul en hartelijk ontvangen. Het was de soldaat Alexander Bul, zoon uit het eerste huwelijk van mevrouw Weistra, die nu met haar man 'De Harmonie' bewoont. Bul was dertien maanden geleden uit het ouderlijk huis in Geleen (Limburg) naar Nieuw-Guinea vertrokken en kwam nu terug in een nieuw huis in een hem onbekend dorp. De Tjerkwerders hebben hem als een eigen zoon ingehaald: zij droegen bloemen aan ter verwelkoming en 's avonds heeft het plaatselijk muziekkorps 'Eensgezindheid' hem nog muzikaal verwelkomd. Momenteel vertoeft nog één Tjerkwerter in Nieuw-Guinea, de soldaat Tjamme A. Draaijer. Hij hoopt 27 oktober terug te keren.

Koken met Riemkje



Beste lezers, inmiddels zijn we al ruim een maand onderweg in het nieuwe jaar. En hebben we sneeuw en ijs al weer achter ons liggen. Hierbij een lekker receptje voor een hapje bij de borrel. Dit smaakt straks als het mooie weer in zicht komt, ook heerlijk als we weer buiten kunnen zitten 's avonds. Veel plezier!

Nachos

INGREDIËNTEN

250 g rundergehakt
1/2 zakje taco seasoningmix (a 35 g)
1 zak tortillachips naturel (150 g)
4 tomaten, in dunne plakken
4 stoneleeks (zakje a 8 stuks) of bosuitjes
150 g geraspte kaas (bijv. cheddar)±
125 ml zure room



BEREIDEN

Ovengrill voorverwarmen. In droge koekenpan met antiaanbaklaag gehakt rul bakken. Kruidenmix met scheut water toevoegen en gehakt ca. 15 min. zachtjes bakken, tot vocht verdampt is. Chips over ovenschaaltjes verdelen. Gehakt erop scheppen en beleggen met tomaat, stoneleeks en kaas. Schaaltjes op rooster 10 cm onder ovengrill schuiven en kaas in 3-4 min. laten smelten en lichtbruin kleuren. Zure room erover lepelen. Lekker met Mexicaans bier.

TIP

De snack wordt pittiger met wat ringetjes jalapeñopeper (pot). Ook guacamole (avocadopuree) smaakt er lekker bij. Het gehakt is prima te vervangen door vegetarisch gehakt



Beleza

Wilt of kunt u niet naar de schoonheidssalon,
Ik kom naar U toe!

Voor meer informatie kunt u mailen naar:

ambulante.beleza.specialiste@hotmail.nl

Of bellen naar: 06-45089754

Nynke Postma

Arkum 4, 8765 PB Tjerkwerd

Geboren

Van je bewegingen genieten
Was al heel bijzonder
Dat je nu in onze armen ligt,
Is helemaal een wonder

Het is ongelooflijk,
zo lief en klein,
Us prachtig jonkje,
Om dankbaar voor te zijn.

Wolle jo komme foar in poppeslok
doch dat dan net op 'e gok.

☎ 0515 781250

Tankeber en bliid binne
wy mei de berte fan

Diederik

Jurjen en Margriet
Koehoorn-Ybema
Sylroede 20
8765 LW Tsjerkwert

30 jannewaris 2013



Verhuisbericht

De staart van 2012 betekende voor mij een flinke nieuwe stap in mijn leven. Na ruim 51 mooie jaren heb ik de vertrouwde boerderij op Rytseterp verlaten. Bijna 50 jaar ben ik er gelukkig getrouwd geweest. Mijn kinderen zijn er geboren en getogen.



Ik heb er veel geluk mogen beleven.

Mijn nieuwe adres is: Titardusstraat 9
8701 AB Bolsward
☎ 0515- 579112

Met alle kinderen en kleinkinderen heb ik hier al een mooie kerst gevierd.
Ik hoop jullie snel te verwelkomen in mijn nieuwe woning.

Jullie zijn altijd van harte welkom.

Alle liefs,
Akke Gietema- van Wieren

Even voorstellen

Wij willen ons als nieuwe bewoners van de Sylroede 33 in Tjerkwerd even aan u voorstellen via het doarpskrante “t Skieppesturtsje”.

Onze namen zijn Gerda en André van Scheltinga. Gerda 62 jaar en André 64 jaar.



Wij komen uit Noord-Holland uit de gemeente Langedijk. We hebben daar tot 2007 gewoond en ook in de omgeving gewerkt.

We hebben daar een eigen autorijschool gehad waarin we allebei werkzaam waren. Daarbij reed André ook nog op de lijnbus bij Connexxion.

We hebben samen 3 kinderen 2 jongens en 1 meisje, welke alle 3 de deur uit zijn en een partner hebben gevonden. Deze wonen nu nog in Noord-Holland. Aangezien het ons te hectisch werd in Noord-Holland zijn we geëmigreerd naar net over de grens in Duitsland. André kreeg overplaatsing naar Connexxion Enschede en Gerda ging bij een rijschool werken in Twente.

Maar we kregen kleinkinderen en zodoende ook heimwee naar de kinderen en kleinkinderen.

We besloten ons huis te koop te zetten en een plekje te zoeken dichterbij de kinderen. Ons huis in Duitsland konden we gelukkig goed verkopen en tijdens onze zoektocht naar huizen kwamen wij ook in Tjerkwerd terecht.

Het stekkie stond ons wel aan , lekker rustig dorp mooi vrij en niet onbelangrijk dicht bij de kinderen.

Het huis stond zo als jullie weten al enige tijd leeg en er was héél veel werk te doen. Aangezien André in juni 2012 met de VUT ging konden wij veel tijd besteden aan de verbouwing.


Derde kerstdag zijn we verhuisd en nu we dit stukje schrijven mogen we wel zeggen, dat het huis behoorlijk is opgeknapt.

We zijn hier hartelijk ontvangen en we hopen; weten eigenlijk wel zeker hier ons stekkie gevonden te hebben. André zijn opa kwam wel uit Harlingen maar wij spreken helaas nog geen Fries.

We hopen vele van jullie persoonlijk te ontmoeten om nader kennis te maken. Door wat nare privé omstandigheden zijn we nog niet in staat om actief aan de dorpsactiviteiten mee te doen, maar hopelijk wordt dat in de loop van het jaar beter.

Gerda en André van Scheltinga.

SNYPSNAREN



- It foarjier komt der oan! Dat wie ek te sjen by de famylje Breeuwsmā. Alle wask hong prachtich oan de line. Omrop Fryslân fûn dat ek bysûnder. No koene wy yn “Samar in momint” sjen hoe skjin at Tettje har wask hat. Ik tink dat se ynkoarten ek lânskomme foar oare opnames lykas: “Robijn doet de was bij.....Tettje!”
- Dat wie de t.v. mar op de radio kaam Jan N. foarby. Net allinich mei in ferske fan syn nije c.d., der waard ek al in fraach oer him steld yn de muzyk-kwis. Hy wurdt nochris in bekende Fries!
- Krekt as de haadrolspiler yn Jan syn nije klip, ek dêr ferwachtsje wy noch folle fan. Want sis no sels, mei sa’n godlik liif lizze de rollen dochs foar it opskeppen?
- Wat ek foar it opskeppen lei, dat wie de krystbeam fan Joke en Ids. Ids soe efkes in goeie die dwaan: stofsûgje! Dat hy dat net faak docht blykt wol, want hy fergeat dat der in snoer oan dat apparaat sit en dat ferhipte snoer helle de krystbeam del. De frede sil op dat stuit wol fier te sykjen west hawwe yn huize Schukken.
- Mei âld en nij wie de frede yn it hiele doarp by tiden fier te sykjen. Der waard omraak knald mei karbid en dat fynt de jeugd dan wer leuk en de âlderein fynt dat wer wat minder. No, dat hawwe wy wer hân en wy moatte mei elkoar wer troch de tiid, dus smite wy dizze der noch mar ris tusken troch: meitsje der wat moais fan mei syn allen!
- Yn Hieslum hiene se trouwens wer wat moais fan de oaljekoeken makke: der sieten gjin beestjes yn, miskien ek wol, mar dan hiene jo se noch net sjoen want de oaljekoeken wiene sa swart as de nacht.
- Inkele minsken ha besocht der in hap fan te nimmen mar ik haw ek heard dat hjir in soad minsken siik west ha. Tja, dan is by my 1 en 1 dochs al gau 2.
- It kin fansels ek komme troch it winterwaar fan de lêste wiken. Der wurdt men ek wolris wat min fan op ‘e bealch. Of je wurde skraal om de kop fan de kâlde wyn. Dat oerkaam ek Doede en doe’t hy thús kaam smarde hy him lekker yn mei salve. Efkes goed dik deryn sette! Mar bah, wat stjonkt dat guod! En dan begjint it ek noch te stekken! At Doede earst ris de gebrûksoanwizing lêzen hie, dan hie hy sjoen dat dit wriuwerguod eins bestimd wie foar de switfuotten fan Epie! Lekker hear!

- Mar dat winterwaar bringt ek wer moais. Sa koe der wer riden wurden op de iisbaan. Der wie ek estafette en Auke W. wie der op brând om te winnen. Hy fertelde syn maten hoe it moast, mar.... gong der doe sels by lizzen. Kin gebeure....
- Thea Z. hie in oare taktyk: sy ried mei ien reed fan har sels en mei ien fan de dochter. Dy is folle jonger en Thea krige sa it gefoel dat se ek wer 21 wie! No ja, yn elts gefal foar de helte dan.
- Mei dy dochters hawwe de âlden it oars wol te stellen. Sa mei dy fan de famylje Van der Weide hast autoride. Tja, en dan moat heit der oan leauwe....Rianne en Leo tegearre it paad nei efter út, mar oeps, dan komt der in bocht en dan stiet der samar in brievebus!Wat noflik dat heit dan fan de Wegenwacht is! Kin dy de boel moai wer wat rjocht bûge.
- Miskien hie Leo ek wol efkes helpe kinnen op de pleats by Broer Feenstra. No moast de hiele brânwar der oan te pas komme om ien kat te befrijen!
- Wa't ek befrijd wurdt dat is ús keninginne, sy giet mei pensjoen. Der is doe in hiele jûn oer praat op de t.v. Dit ta grutte ergernis fan Rein en Richt. Sy fine it net slim dat Bea ôf giet, wol fine sy it belachelik dat der dan gjin GTST op de t.v. komt! Mar wat in lok: de oare deis wie der in dûbele ôflevering: wat in feest yn huize Bakker!
- Dat se samar sa'n ôflevering skrappe dat is ek gjin styl, mar sa hat Anita Hairstyl en Anja styl hier, en sa hawwe wy allegear wolris wat.
- Sa wie Mireille ek net bliid. Theo hat nammentlik in nije trombone, dat fynt sy hiel moai foar him mar ta har skrik kaam sy lêsten boppe en lei de trombone oan har kant fan it bed...dit wie fansels net de bedoeling!
- Je moatte de kop der al wat by hâlde. Dat jildt ek foar Jaap en Fokko, dy stiene al in jûn te betiid by Riemkje foar de doar om te fergaderjen foar De Skieppesturt. Mar lokkich wiene sy de oare jûns ek wer fan de party.
- Thomas hie de kop der ôfrûne jier wol goed by en sa wûn hy net allinnich de PC mar krige hy ek de Skieppesturt 2012!
- Ek yn 2013 moatte wy der mar mei syn allen wer wat moais fan meitsje, mar it is krisis en dêrom jildt ek: hâld de kop derfoar! Alle goeds tawinske.

AF

Kopij foar it nije nûmer graach foar

4 maaie nei;

itskieppesturtsje@gmail.com



Verwen je voeten, welkom bij de pedicure

Luister naar uw voeten, pijnlijke voeten zijn niet normaal, verdring de pijn aan uw voeten dus niet... maar doe er wat aan!

Voor een afspraak kunt u contact opnemen met:

Richtje Hiemstra-Boersma

Van Panhuysweg 6

8765 LH Tjerkwerd

Telefoon: 0515-577013

Mobiel: 06-23211674

Email: richtjehiemstra@live.nl



Nu met aantekening diabetische voet, reumatische voet en schimmeldiagnostiek.

de miniatuurenschuur

G. Folkertsma Ymswâlderleane 3 8765 LT Tjerkwerd

**Bruder – Britains – RollyToys
– Siku – Universal Hobby's**



Iedere werkdag open
van 18.00 – 20.00 uur

Anders even bellen: 0515-575873/ b.g.g. 06-15415142




Miedema Lighting Besparingstechniek

Voor al uw energie zuinige verlichting en
installatie aanleg kijk voor meer info:

www.spaarlampen.eu 06-25146668

Voor een gezellig familie- of bedrijfsuitje kunt u uitstekend terecht bij De Friese Bierbrouwerij



SINGLE MALT WHISKY

FRYSK HYNDER

Golden Spirit of Frisia

Een sfeervolle locatie met
volop mogelijkheden.

Wij kunnen u een rondleiding
door de brouwerij aanbieden
in combinatie met een koffietafel
of koud/warm buffet.

Meer informatie hierover kunt
u vinden op onze website

www.bierbrouwerij-usheit.nl

of bel (0515)577449



PROAST

Snekerstraat 43 8701 XC Bolsward Telefoon (0515) 577449